

Oertinking, Gen.35:16-20; Jer.31: 15; Mat.2:13-23.

Joazef op 'e flecht mei it bern en syn mem, nei Egypte.

In aktueel byld: minsken op 'e flecht: mannen, frouwen en bern.

In byld fan alle tiden.

Alle tiden troch binne minsken ûnderweis, omdat se har net feilich fiele, bedrige wurde troch minsken, troch hunger of natoergeweld.

Wy minsken wenje no ien kear net yn in paradys, sa hearre we al oan it begjin fan de bibel, mar yn in wrâld fol gewraksel mei goed en kwea.

Abram is noch mar krekt yn it him taseine lân oankommen, of hy moat fanwege in hongersneed al flechtsje nei Egypte.

As de Farao der achter komt dat Sara net syn suster is, mar syn frou, moat er Egypte wer ferlitte.

Joazef, soan fan Rachel, Joazef de dreamer, wurdt troch syn broers ferkocht oan Egyptners.

Syn dreamen en dreamútlizzingen meitsje him úteinlings ta ûnderkening fan Egypte.

Hy rêdt de Egyptners en ek syn eigen folk fan de hongerdea, as heit Jakob en al syn broers nei Egypte komme.

En dêr bliuwe, generaasjes lang.

Oant der in Farao komt, dy't it ferhaal fan Joazef net ken.

Hy fynt it mar neat, dat fremde folk, dat al mar talriker wurdt: se soene it ris mei de fijân hâlde kinne. Hy fielt him bedrige en nimt maatregels.

Swier, ôfmêdzjend wurk, lit er dat folk dwaan en de jonkjes dy't berne wurde, moatte yn de Nyl smiten wurde.

It jonkje Mozes wurdt yn in arkje, in deadskistke, op it wetter yn 'e reiden lein, mem en suster Mirjam, soargje derfoar dat er yn libben bliuwt, grut brocht wurdt yn it keninklik paleis.

Mar ek dizze Mozes moat flechtsje, wurdt skieppehoeder by pryster Jetro en úteinlings liedt hy as hoeder syn folk 40 jier lang troch de woestyn nei it taseine lân. It is Jozua, Jehoshua, dy't it folk yn it taseine lân bringt.

Mar dat taseine lân blykt gjin paradys te wêzen, ek dat is in wrâld fol gewraksel mei goed en kwea.

Lêze: út 'aren lezen achter de maaiers', p 131

(In âld boekje fan Bertus Aafjes. Hy hat yn 1947 in reis nei Egypte makke en ûntduts dêr allegearre bibelske bysûnderheden en hat dêr dit boekje oer skreaun.)

“De priester met de zwarte tulband volgend, zijn wij plotseling een steegje ingedraaid dat nog nauwer is dan het vorige. Een plaveisel heeft het niet, de harembalkonnetjes raken bijna terstond de gevels der tegenoverliggende huizen. Midden in het straatje houden wij stil en betreden een koptisch kerkje. Het rumoer, dat al sinds enige tijd verminderd was, naarmate wij dieper in het nauwe steegje doordrongen, is totaal verdwenen in het donkere kerkje, waar een doodse stilte heerst. Als wij iets meer gewend zijn aan de schemer, die er hier hangt, aanschouwen onze ogen het innerlijk van het kerkje.

Her is een juweel van vroeg-christelijke bouwkunst en het doet niet onder voor een dier prachtige vroeg-christelijke basilieken in Rome. Abu Serge heet het kerkje, Sint Sergius, en het is een zeer oude Egyptisch-Byzantijnse basiliek. Maar dit keer zijn wij niet gekomen om het kerkje zelf te bewonderen. Een koptische priester is vanuit het duister op ons togetreden en wij vragen de plaats waar volgens de overlevering Jezus als kind in Egypte gewoond heeft.

Met een hoofdknik gaat hij ons voor door de kerk. Vanaf de wanden kijken vele heiligen ons aan met diepe, zwarte ogen vanuit het goud hunner ikonen. Midden in het kerkje moeten wij plotseling een trap afdalen, die naar een crypt onder de vloer leidt.

Dan bevinden wij ons in een klein vertrek met een laag gewelf, dat door oude zuilen wordt ondersteut. Aan het eind van het vertrek bevindt zich een nis, die veel lijkt op een begrafenisis uit de catacomben. De koptische priesters lezen er de mis. Dit is volgens de traditie de plaats waar Maria met haar kind des nachts rustte.

De duizenden pelgrims, die de plek bezochten, hebben een reepje van hun zakdoek of hoofddoek afgescheurd en het hier achtergelaten om maar vooral niet vergeten te worden en opdat hun gebed zal worden verhoord.” *

Dizze Koptyske tsjerke stiet yn Ald-Kaïro.

It is ek de âldste Kristlike tsjerke fan Egypte.

Miskien fanwege dy nis, in skûlplak foar dakleaezen, is dêr in tsjerke oerhinne boud. Sa'n ferhaal oer Joazef, Maria en it berntsje dy't yn Egypte west ha, wol men fansels graach in plak jaan.

Ha Joazef, Maria en Jezus dêr echt west?

Flavius Josephus, de gutte skiednisskriuwer út de earste iuw, hat dat ferhaal ek, mar krekt in bytsje oars as yn 'e bibel.

Hy skriuwt dat ien fan de Egyptyske wizen de Farao warskôget foar in man dy't út de Egpyske slaven berne wurde sil en de macht fan de Egyptners ferfange sil troch dy fan de Israeliten.

Yn eare en deugd soe dy man elkenien te boppen gean.

Doe besleat de Farao alle nij-berne bern te deadzjen.*

Dit ferhaal dat op Mozes slacht fansels, hat Matteus, nei alle gedachten, brûkt foar syn ferhaal fan de moard op alle jonkjes ûnder de twa jier troch Herodes.

Yn it ferhaal fan de flecht nei Egypte, wurdt Jezus oantsjinne as de nije Mozes, de nije lieder fan godswegen.

'Ut Egypte haw ik myn soan roppen'.

It lân fan tsjusternis, fan eangst en ûnderdrukking, it lân fan de deadskultuer.

Sa ha wy der altyd tsjin oan sjoen.

Mar dat is mar de heale wierheid.

Egypte wie ek altyd it lân fan rêding yn need.

In haat-leafde-ferhâlding tusken Egypte en Israel.

En wa't de lêzing fan Tjeu v.d. Berk op de Itenser Rûnte heard hat, wit dat foar Kristenen Egypte fan grut belang west hat.

Fan it jier 622 fK ôf ha der altyd in protte Joadse minsken yn Egypte wenne.

Foaral yn de stêd Alexandrië, de havenstêd dy't Alexander de Grutte stifte hat yn 331 fK.

In tredde part fan dy grutte stêd bestie út Joaden.

Hjir ûntstiet yn de earste iuw dan ek in Joadsk-Kristlike gemeente.

It is opfallend safolle Kristlike dogma's oerienkomsten hawwe mei Egyptyske religieuze tinkwizen.

Ek de bekende Dútske teolooch-psihiater Eugen Drewermann seit:

De mythology (dat is de lear en de ferhalen oer de goaden) de mythology fan it âlde Egypte foarmet de achter- en oergrûn fan de Kristlike teology.

U.o. de berte fan in godlik bern út in faam, dat waard yn Egypte fierd yn de nacht fan 24 op 25 desimber troch ynwijden yn in krypte.

By it lemieren fan de dei ferlieten dy ynwijden de krypte.

Droegen in byld mei fan in bern as teken fan de krekt-berne sinnegod.

En rôpen dan: "de faam hat berne; it ljocht wint oan!" *

De godlike trije-ienheid, de ferrizenis út de dea, in ûnstjerlike siel, in ivich libben en it oardiel nei de dea, religieuze begrippen dy't yn Egypte al tûzenen jierren bestiene.

Hjir kaam men foaral achter doe't de Frânsman Champollion yn 1822 it

hiéroglifenskrift nei iuwen wer ûntsiferje koe.

"Út egypte haw ik myn soan roppen", mei dizze achtergrûn krijt dat dochs wat in oare lading.

En natuerlik binne de Kopten yn Egypte der grutsk op dat it ferhaal seit dat Jezus as bern syn taflecht yn Egypte fûn hat en wolle se dêr gestalte oan jaan.

En as ik no dy beide ferhalen kombinear, fan Bertus Aafjes en Eugen Drewermann, dan tink ik dat de nis ûnder de âldste tsjerke fan Kairo miskien wol sa'n krypte west hat, dêr't yn âld-Egypte yn de nacht fan 24 op 25 des. fierd waard dat de 'maagd' de faam in bern krigen hie en dat dat betsjutte dat it ljocht wer oanwinne soe.

In godlik bern wie dêr berne.

Foar de âld-Egyptners de sinnegod, foar de Kristenen Jezus, soan fan de faam Marije.

Yn 391 kaam der yn Egypte in wet dy't de âlde Egyptyske religieuze gebrûken ferbea.

Yn dy selde iuw is dizze tsjerke boud.

Ik tink dat dy tsjerke miskien wol oer dy âlde krypte, 10 meter ûnder de grûn, hinne boud is, midden yn it âld-Kaïro, yn in labirint fan steechjes.

Dy sinnegod, berne út in faam, dat waard Jezus, berne út de faam Marije.

De Kopten stiene net achter it dogma dat Jezus in minslike en in godlike natuer hat. Foar harren hat Jezus ien god- minslike natuer.

Fanút harren skiednis te begripen.

De lêste jierren ha der in protte oanslaggen west op de Kopten en harren tsjerken yn Egypte.

Ek in protte Kopten binne flechte.

It gewraksel yn 'e wrâld om goed en kwea, it is der noch alle dagen.

Machten dy't moardzje en martelje, miljoenen minsken op 'e flecht.

Grutten en bern dy't ferdrinke troch gammele boatsjes, fierstente fol.

Lytse poppen dy't stjerre fan 'e kjeld, no 't it winter wurdt.

Krystfeest, fredesfeest, mar de bibel hâldt ús by de les.

Dêrom ek dy beide A.T.yske lêzingen der by.

Betlehem leit súdlik en Rama ten noarden fan Jeruzalim.

Yn Rama waarden de minsken sammele, dy't deportearde waarden nei Babylon.

Matteus lit Betlehem en Rama rêstich gearfalle.

De klacht fan de mem fan Benjamin jildt foar elke mem waans soan of soannen sa wreed ombrocht binne troch Herodes, de tiran, krekt as de farao út it begjin fan it boek Exodus, opnij.

Jildt foar elk dy't bern ferliest oan de dea.

Doe't Herodes seach dat dy wizen út it easten blykber kommen wiene om in oare kening te oanbidden, en dêrtroch him foar spot setten, doe waard er poer en liet alle jonkjes fan 2 jier en jonger ombringe yn de kontreien fan Betlehem.

Doe waard ferfuld wat troch de profeet sprutsen is, de profeet Jeremia:

Rachel skriemt om har bern en se wol har net treastgje litte, want se binne wei.

Yn Yad Vasjem, it monument ta betinking fan de Holocaust, stiet by de ôfdieling dêr't de bern betocht wurde, oardel miljoen bern, in byld fan de skriemende Rachel.

In byld foar alle tiden, in byld fan gewraksel om goed en kwea, libben en dea.

Om al it fertriet wrâldwiid, it wrede geweld dêr't ûnskuldige bern de dupe fan wurde.

Herodes liet net mei him spotte, sloech deadlik fan him ôf.

Noch ien kear komt it wurd spot foar yn it Matteus-evangeelje.

As Jezus oan it krús hinget.

“De foarbygongers lasteren him en krektlyk bespotten Him ek de oerprysters mei de skriftgelearden en âldsten en seine: Oaren hat Er rêden, Himsels rêde kin Er net.”

It iene keningskip lit net mei him spotte: Herodes moardet der op los om syn keningskip te behâlden.

Macht, basearre op wreed geweld.

Dat oare keningskip lit mei him spotte.

Dizze kening oan it krús deadet gjin ûnskuldigen.

Leaver lit Er himsels deadzje.

Hy nimt it plak yn tusken alle oare slachtoffers, dielt harren lot.

Hy is mei harren lyk as God mei minsken is en sa rêdt Hy yndied 'oaren'.

Dêrom is dizze minskesoan ek Gods Soan, omdat Hy in oar ljocht skine lit oer minslike ferhâldingen.

Hoe't it yn alle gewraksel mei it kwea ek goed wêze kin. *

As leafde en tagedienens it winne fan de kweade machten.

Yn alle ear en deugd hat Jezus dat wier makke mei syn libben en dea en is dêrmei elkenien te boppen gien: Minskesoan en Gods Soan.

Of, sa't de âlde Egyptners it seine yn it donkerste fan de dagen: de faam hat berne, it ljocht wint oan!

Jezus, it ljocht fan 'e wrâld.

Hy is de lampe foar ús foet, en it ljocht op ús paad.

Alle dagen, ek yn it jier fan ús Hear, 2016.

Sa'we saps songen:

't Fisioen hâldt ús geande

op ús wrâldwide tocht

fan in Maitiid oansteande

en in Simmer fol ljocht.' (refrein: Ierse Krystballade)

Amen.

*Bertus Aafjes: aren lezen achter de maaiers. Meulenhoff Pockets.

* Wout van Bekkum: Mozes, onze leraar. Uig. Kok – Kampen.

*Tjeu v.d. Berk: Het oude Egypte: bakermat van het jonge Christendom. Uitg. Meinema.

* Alex van Ligten: intussen is het ook weer droog geworden. Uitg. Skandalon.